

Dorpscanon van Folsgeare

De klok fan'e toer fan Folsgeare



© Foto Atse Bruin

De klok fan'e toer fan Folsgeare

De tsjerketoer fan Folsgeare stiet al iuwen as beaken yn it doarp. Boppe yn dizze toer hinget sûnt 1535 in klok dy't ûnfersteurber troch giet mei syn wurk te dwaan.

Op'e bopperâne fan'e klok stiet it neikommende skreaun:

**Jhezus Maria Johannes Gheert van Wou ende Johan ter Steghe goten
mij toen men schreef 15 ende 35 daer bij.**



Jhezus

Maria

Johannes

Dorpscanon van Folsgeare

De klok fan'e toer fan Folsgeare



Gheert

van

Wou

ende

Johan



terSteghe

goten

mij

toen

men



schreef

15

ende

35

daer bij

foto's Atse Bruin

De klok is yn 1535 getten troch Geert van Wou en Johan ter Steghe. Geert van Wou is de soan fan'e ferneamde klokkejitter mei deselde namme út Kampen. Geert van Wou sr.(1450 – 1527) wurdt beskôge as de wichtichste klokkejitter dy't Europa kend hat.

Yn dy tiid waard in klok fakentiden noch op it plak sels getten. De wegen wiene te min en te ûnfeilich om in klok te ferfieren. Se woene boppedat in eachje yn it seil hâlde op'e gearstalling fan it brûns. It plak dêr't de klok makke waard, wie meastal op it tsjerkhôf of yn in romte ûnder de toer.

Dorpscanon van Folsgeare

De klok fan'e toer fan Folsgeare



foto Atse Bruin

It lieden fan'e klok kin opdield wurde yn it tiidlieden, it sneinslieden en it lieden by besûndere gelegenheden lykas by ferstjerren, gefaar, rou ensfh.

It *tiidlieden* is it trije kear deis lieden fan'e klok. Dat bart moarns oan it begjin fan'e wurkdei, dêrnei om tolve oere foar it middeisskoft en as lêste jûns oan'e ein fan'e wurkdei.

Yn dizze tiid binne der noch gjin horloazjes en is dit lieden de hiele dei troch foar de minsken it hâldfêst. By de middeisklok fan tolve oere witte de arbeiders op it lân dat it itensskoft is, de memmen sette it iten op'e tafel, de bern meie út skoalle wei.

De koster gie trije kear deis nei de toer om de klok te lieden. Yn it tsjerke argyf stiet te lêzen dat Here Jentjes betelle wurdt foar in "jaar klockluiden". Hjirfoar kriget hy 7 carolusgûnen. Jentjes hat dit betelle lieden dien fan 1743 oant 1755. Dêrnei wurdt it kloklieden net mear spesifyk neamd. It lieden heart by alle wurksemheden dy't in koster achte wurdt te dwaan.

It tiidlieden is yn Folsgeare opholden mei de komst fan it elektroanyske lieden fan'e klok (1947).

It *sneinslieden* is om de minsken te warskôgjen dat der in tsjerketsjinst holden wurde sil. Dit wurdt noch noch altyd dien, mar sa bedoeld dat der yn Folsgeare op sneintemoarn nei de klok fan achten let wurdt as der in tsjerketsjinst yn it doarp is.

Dorpscanon van Folsgeare

De klok fan'e toer fan Folsgeare

It *lieden by fersterren* wie destiids in gewoane saak. Dizze gewoante is oerbleaun fan in heidensk gebrûk om op dizze wize de kweade geasten te ferdriuwen en de siel rêst te jaan. Dit lieden duorre lykwols in oere en dat wie foar guon minsken wat te folle fan it goede. Yn 1921 wurdt op in jiergearkomste fan'e tsjerke in útstel dien oft dit net mei de helte minder koe. Dit waard doe ôfwiid. No wurdt de klok allinne noch let by in ferstjerren op fersyk fan'e famylje, moarns om njoggen oere.

It *roulieden*.

Nei it ferstjerren fan keninginne Emma yn 1934 wurdt oan J. Zietsma seis gûne betelle foar it lieden fan'e klok. In pear moanne letter, nei it ferstjerren fan prins Hendrik, kriget hy hjirfoar mar trije gûne. It kloklieden by begraffenis wurdt noch altyd dien foar it begjin fan'e tsjinst.

Yn'e tiid fan *gefaar en by brân* sil destiids ek de klok let wurden wêze. Dit waard meast dien troch it klepperjen fan'e klok. Dit waard dien troch de bingel oan ien kant fan'e klok slaan te litten. Dêrtroch ferskilde it lûd fan it gewoane lieden.

Tsjerkeklokken binne troch de iuwen hinne altyd beskôge as oarlochsbút. Se wurde troch de besetters ferkocht en mei de opbringst wurde de soldaten betelle. Yn lettere tiden wurde de klokken omsmolten om der kanonnen fan te meitsjen.

Yn 1942 ûntfange de tsjerkfâden in warskôging dat de besetter de klok wolris foarderje kinne soe. Yn 1944 wie it safier, de klok waard meinommen troch de Dútsers. Dêrnei wurdt besletten om foar 10 gûne in surrogaat klok oan te tugen.

LC 26-11-1945

151 Friesche kerkklokken teruggekeerd

Dr. A. L. Heerma van Voss schrijft ons:

Eind Mei kon ik het een en ander mededeelen over de Friesche klokken in oorlogstijd en tevens aankondigen, dat alle M-klokken behouden waren. Sindsdien zijn er allerlei vage berichten gekomen over het terugvinden van Nederlandsche klokken in Duitschland, totdat nu eindelijk bekend werd, dat te Harlingen een (eerste?) scheepslading Friesche klokken was aangekomen en feestelijk ingehaald.

Ten gerieve van talloos velen, die blijkens voortdurend binnenkomende verzoeken om inlichtingen verlangend uitzien naar nadere berichten (speciaal op de dorpen vertegenwoordigt de klok een zeer belangrijke factor in het leven van elken dag!), heb ik mij ter plaatse op de hoogte gesteld en ben zodoende in staat hieronder een volledig lijstje te geven van de teruggekeerde exemplaren. Zij behooren alle tot de bijna 300 P-klokken uit de opslagplaats te Meppel, die na de bevrijding leeg geroofd werd aange troffen; vele er van doen uit kunsthistorisch oogpunt en ouderdom maar weinig onder voor de M-klokken, die inmiddels door de goede zorgen van de Rijksinspectie-Kunstbescherming weer alle naar hun steden en dorpen zijn teruggekeerd. Over het algemeen hebben zij hun oorlogslotgevallen goed doorstaan; slechts van enkele zijn de beugels geheel of ten deele gesneuveld; het kleine klokje van het Gabbema-gasthuis te Leeuwarden is gebroken.

Belanghebbenden wordt er met nadruk op

Dorpscanon van Folsgeare

De klok fan'e toer fan Folsgeare

Belanghebbenden wordt er met nadruk op gewezen, dat ook deze klokken collectief naar de plaatsen van herkomst zullen worden teruggebracht en dat dus geen afzonderlijke exemplaren te Harlingen zullen kunnen worden afgehaald. Voor de nog in Drente en Overijsel hangende Friesche alarmklokken geldt dezelfde regeling.

Ik vond dan te Harlingen (behalve 23 exemplaren — waaronder 2 geheel defecte — die niet uit Friesland afkomstig bleken) de volgende Friesche P-klokken terug:

Abbega (de kleinste), Achlum (beide), Akkrum (beide), Anjum (de grootste), Beers (beide), Oud-Beets (de 2e, naast de M-klok), Berlikum, Blessum, Boer, Bolsward-stadshuis (beide), Bolsward-Martini (jongelingsklok), Bovenknijpe, Bozum (gr.), Britsum (beide), Broek (Doniaw.), Brongerga, Burgwerd (gr.), Burum, Dantumawoude, Dokkum-stadshuis (kl.), Donkerbroek (2e), Driessum, Edens (gr.), Eernewoude, Eesterga, Engelum, Firdgum, Follega, **Folsgeare**, Foudgum (2e), Franeker-Martini (gr.), Franeker-Psych. inr., Gaastmeer, Garijp, Gerkesklooster, Gersloot (2e), Goïngarijp, Goutum

Gelokkich wurdt de klok fan Folsgeare nei de oarloch werom fûn en op 1 febrewaris 1946 wurdt de surrogaat klok wer ferfongen troch de echte toerklok.

Alle klokken binne, foardat se fuorthelle waarden, troch de besetters registrearre en merkbite. Dêrtroch stiet noch altyd de namme fan it doarp mei grutte letters op'e klok.



NHK
Folsgeare

foto's
Atse Bruin

Dorpscanon van Folsgeare

De klok fan'e toer fan Folsgeare

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: Atse Bruin

Kranteartikel: LC

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.